

# Dokterom flechte yn 'e humor om oan 'e swiersettigens to ûntkommen

## Stjerdei fan dr. Eeltsje to Grou bitocht

It is net wier, dat dr. Eeltsje Halbertsma in man wie, dy't it libben inkeld en allinne fan 'e fleurige kant biseach — hy wie gjin sweevjende swankebast, dy't fan nature de smûkens fan 'e jachtweide earder socht as de smûkens fan 'e hûshâlding, dy't it eigen bistean nei syn hân sette . . . Sels skriuwt er, dat hy as in ljochtskouwe troch de wrâld giet. Hwa't hwat stúdzje fan it libben fan „dokterom” makket, sjocht de hiele scala fan stemmingen foar him útstald, ek de brede ânderstream fan swiersettigens. Syn humor wrotte him lykwols hyltiten wer boppe de swierrichheden en de pessimistyske buijen út, dat sadwaende krije wy it folslein fortékene byld, dat yn Fryslân noch sa faek as it wiere byld biskôge wurdt. Wy moatte der njonkenlytsen ôf. De dr. Eeltsje fan 'e brieven is oars as de dr. Eeltsje oan 'e Grouster wetterkant. Hy oardiele pessimistysk oer syn eigen libben, hy seach fakentiids út nei de dea, syn religieus bisef wie oars as dat fan in oar. mar it wie djip, hy wurke net om it jild mar om 'e minsken. Hy wie in man, dy't mear lijen as wille ânderfoun . . .

Dit libbensbyld fan dr. Eeltsje Halbertsma skildere ds. C. P. Hoekema, minniste dûmny to Haarlem, justerjoun yn syn bitinkingsrede, dy't yn 'e Grouster formanje hâlden waard. Halbertsma wie in bern fan syn tiid, in swiertillend romantikus, in uterlik fleurich man mei in lang net noflik bistean. It wêzen fan Grou, fan Fryslân wurdt wjerspegele yn dizze figuer, hy liet ús folk sjen hoe't it sels is en joech it syn namme en tael, syn frije sin werom. Dochs bleau hy in iensum minske.

It „bidobje it forline”, dat op 'e hikke fan it Grouster tsjerkhof stiet, wie lykwols net foar him weilein. Syn libben en wurk is bikend oan't nou ta. Joun wurdt, sei ds. Hoekema, dokterom eare

joun. Joun, ja, hwant hy hat de eare nea socht. Lit ús net achteleas oan syn grêf foarby gean, sa as tûzenen dat dien hawwe — lit ús, by alle feest, net forjitte, dat wy in stjerdei bitinke.

De bitinking, dy't û.o. bywenne waard fan de Kommissaris fan 'e keninginne, mr. H. P. Linthorst Homan, kabinetschef mr. G. F. W. Hartung en de deputearren S. van Abbeema, mr. D. H. Okma en J. L. Hoogland, waard iepene troch boargemaster R. Walda. It wie de hear Walda in eare, dat hy út namme fan 'e bitinkingskommisje sa'n great tal minsken wolkom hjitte koe en hy hope, dat de gearkomste net allinnich liede mocht ta nije en djippe yndrukken oer it libben fan doktor Eeltsje mar dat hja ek de leafde foar Fryslân bisterkje soe.

Foar de rede fan ds. Hoekema bea de dear A. J. Osinga sr. foar de útjowers-kominaesje Osinga en Van der Velde it foarste diel fan 'e sawnde printinge fan „Rimen en Teltsjes” oan oan 'e

ortsjinwurdiger fan de Halbertsmafamylje-stifting, de hear Hidde Halbertsma út Grou. It die de hear Osinga deugd dat de kombinaesje meispylje mocht yn 't greate gehiel fan 't Halbertsmabitinking. It wie net sa maklik it foarste diel op tiid klear to krijen. Nije wike kin it forstjûren oan'e yntekeners lykwols bigjinne. It diel sjocht der oars út as men fan 'e eardere útjeften wend is, mar it is noch altiten pûr Frysk. Frou Van der Velde-Tiemersma assistearre by de oerriking.

De hear Hidde Halbertsma, dy't de „dummy” fan it kompleete wurk oanbean krige, wie bliid en tankber foar de meiwurking fan 'e útjowers, dy't harren ré toanden it risiko fan 'e útjefte to nimmen. Hy wiisde op it bilang fan it boek foar it Frysk. Ek yn 'e Halbertsmafamylje-ronte komt de tael sa stadichoan yn 'e fordrucking, binammen omdat de „twigen fan 'e âlde stam” trouwe mei Hollânske fammen. De hear Halbertsma wie der fierders wiis mei, dat nou ek syn foarfaer Binnert yn it boek neamd wurdt.

Nei de plechtichheit yn 'e formanje gyng it selskip nei it Halbertsmanlein.

dêr't de hear D. Deinum út Wytmarsum foar de decors, dy't joun brûkt wurde sille, en mei meiwurking fan it Grouster Mingd Koar in ynlieding hâldde oer dr. Eeltsje. It mylde waer, de klearre sang en net to forjitten de kwaliteiten fan de hear Deinum as sprekker makken dizze iepenloftgearkomste ta in kostlik barren. De hear Deinum, siktaris fan Wûnseradiel, sit, dat die ek al earder bliken, tige goed yn 'e stof en wit it forhael in romantyske gloede to jaen. In protte minsken ha mei nocht nei him harke.